

ELB 423

De grutte minsken doarre net,
hiel' Israel is bang.
Want Goliat, dy smoarge reus,
is sterk en o sa lang.

Dêr stiet er mei syn grutte liif,
hy narret har en spot:
“Wa is de man dy't my bestriidt
en wêr is no jim God?”

Mar David siket yn 'e beek
in hânfol stientsjes op.
Hy swaait syn slinger en hy sjit
de reus flak foar de kop.

Reus Goliat, reus Goliat,
't is dien mei dyn geweld,
want David hat op God fertroud
en David is in held.

tekst Hanna Lam, by 1 Samuel 17:20-52 – ‘De grote mensen durven niet’
meldij Wim ter Burg
oersetting David de Jong